


O F R Y S K E
G R Ū N



Altijd een stukje
Fryslân om je hals?
In deze hangertjes
is echte Fryske
aarde verwerkt!

Te koop in onze
winkel in Joure of via
pompebledsjes.nl

WATZE
VAN
DER WAL

SIERADEN

MEESTERGOUDSMID

MIDSTRAAT 1, JOURE WATZEVANDERWAL.NL

2025
2026


RYSK
SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong

54

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,
8043 AZ Zwolle



oprjochte 8 febrewaris 1899



DE GRAAF

PIANO'S & VLEUGELS

VERKOOP EN VERHUUR



Sinds 1951 het adres voor

STEMMEN EN ONDERHOUD

Hanekamp 8 8023 TH Zwolle, telefoon (038) 453 55 87
info @degraafmuziek.nl



Margriet Krook
uitvaartbegeleiding

Jo Fryske útfeartûndernimmer
foar útfearten (foar in part) yn
it Frysk yn Zwolle en omkriten.
Ek foar it foarlizzen fan jo
útfeartwinsken kom ik
frijbliuwend by jo lâns.

Margriet Krook

☎ 06 - 36 11 3000

info@mkuitvaart.nl
www.mkuitvaart.nl

*In ôfskied
In dierber oantinken
foar altyd*



24/7
berikber

Jou omtinken
oan ús
advertearders

BESTJOER

foarsitter	Jan Bosgraaf janendjoke@home.nl / 0522 464718 / 06 14268993	Smitserf 42 7951 JG Staphorst
2° foarsitter / 2° ponghâlder	Henk Monkel henmmonkel@kpnmail.nl / 0529 433175 / 06 30888376	Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen
skriuwer	Jolanda Lootens jolandalootens@live.nl / 06 47585240	Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle
ponghâlder	Sjoerd Bakker sdabakker@outlook.com / 06 57255999	Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst
2° skriuwer	Jan-Tjerk Kuipers jantjerkkuipers@gmail.com / 0570 522329 / 06 42275636	Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe
lid	Annet Nieuwenhuis – Kokké annetnieuw@planet.nl / 038 4537836	Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle

Lede-administraasje

Jolanda Lootens Brethouwerstraat 15, 8043 AZ Zwolle 06 47585240

IBAN rekkennûmer

NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

KONTAKTPERSOANEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	06 53645726
Hatterm	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegiersma	Nijverheidsstraat 11	06 19506520
Wezep	hear K. Ijtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931
<u>Zwolle</u>			
Aalandsen	frou B. Ypenga	Potmarge 29	038 4537164
Berkum en Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	06 47585240
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtensbroek	frou H. Osinga	Hândellaan 359	06 44440759
Westenholte en Spoolde	hear H. van der Zee	Bouwkamplaan 6	038 4223588
Wipstrik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear G. Jellema	Westerbergmate 49	038 4657561

MEIDIJELINGEN BLEED FAN IT

FRYSK SELSKIP SWOL

Jiergong 54
nûmer 4

Oprjochte 8 febrewaris 1899

foarjiersmoanne 2026

IN FERSKAAT OAN BARRENS

De ferlieding is grut om eat te skriuwen oer wat der yn 'e wrâld bart. Oer dingen dy't jin boppe de pet geane, dy't men net foar mooglik hâldt, dêr't men fan tinkt dat it net wier wêze kin. Dermei bedoel ik net alles wat der hjoed-de-dei mei gebrûk fan Keunstmjittige Yntelliginsje (AI) oan nepnijs de wrâld ynstjoerd wurdt, mar wat der alle dagen yn werklikheid bart. Dêr is de foarside fan dit krantsje lykwols net foar ornearre.

Allikemin is dy foar in skôging oer ús nije lânsregear ornearre; it minderheidskabinet, dat in falske start makke troch in oanstearde steatssekretaris dy't har C.V. nochal oppoetst hie. Wat yn it ferline wol faker bard is. Dat sokke knappe koppen, want dêr jouwe se har dochs foar út, fan 'e skiednis neat leard hawwe.

Soks kinne Olympyske sporters net dwaan. Dy stride om hûndertsten fan sekonden om goud, sulver en brûns. Nim no 'ús' Femke út Nij Beets. Wat soe der lirysk oer har skreaun wurde kinne. Mar dêrmei soene Jorrit en oare sporters wer tekoart dien wurde. Boppedat haw ik dan oan ien side A5 lang net genôch.

Dêrom bliuw ik mei beide fuotten op 'e Fryske grûn en behein ik my ta it riden en farren fan ús selskip. Dat is yn alle gefallen te oersjen. Yn dit krantsje wurdt û.o. de lêste middei fan it winterskoft 2025-2026 oankundige. In winterskoft mei wer in ôfwikseljend programma, sa't wy dat eins alle jierren wend binne. Net, lykas eartiids, mei grutte produsjes en djoere foarstellingen, mar mei lytsere, nijsgjirrige programma's. Mei in krystmiel en trije middeis, dêrby giet it ek om moeting en ferbining. Om in pear oeren noflik byinoar te wêzen mei tiid foar in praatsje. Mei de middei fan 27 maart slute wy it 127^{ste} jier fan it bestean fan it selskip ôf. Dêrnei meitsje wy de balâns op. Net allinnich finansjeel, mar ek ynhâldlik. Hoe hinget de flagge der by? Wat kin der noch? Hoe dogge we dat? Hoe lang kinne wy trochgean? Mar earst geane wy de maitiid yn en de simmer temjitte. Yn súnens in moaie tiid tawinske.



Jan Bosgraaf
foarsitter

It is my allikefolle,
oft it koe is of ko.

NIJJERSMIDDEI 2026

*freed 30 jannewaris 2026
yn 'de Weijenbelt' te Swol
sprekster Sietske Poepjes
oanwêzich: 50 minsken*

Al is it ek 30 jannewaris, jo kinne noch bêst in noflike nijjersmiddei hâlde. Nei it wolkom en it Frysk folksiet hawwe de oanwêzige leden de kâns om sjen te litten wat se fan Fryslân en Friezen witte. De kwis dy't dêrta gearstald wie, jout frijwat holbrekken, docht al gau bliken. No binne de oanwêzigen yn groepkes opdield en dat skeelt aardich. Wat de iene net wit, wit de oare faaks wol. Der wurdt dan ek fûleindich oerlein om de goede antwurden te jaan. Net dat soks yn alle gefallen slagget, mar de wille hie der perfoarst net ûnder te lijen. Op sa'n wize hat sa'n kwis in dûbele funksje. Men stekt der wat fan op en it fersterket de ûnderlinge bân. Om it deftich te sizzen: it soarget foar **'ferbining'**.

Mei 38 fan de 60 punten, dy't op syn heechst helle wurde koene, kaam de groep mei **Freerk Kunst, Hilly Osinga, Annet Nieuwenhuis en Jelma Wiegertsma** as winner út 'e bus.

De twadde helte fan 'e middei krijt **Sietske Poepjes** it wurd. Sy fertelt oer har ûnderfiningen as eardere deputearre fan de provinsje Fryslân (12 jier) en as boargemaster fan de gemeente Olst-Wijhe, dat se no twa jier is. Mar sy fernijt ek, dat se yn Harns berne is, yn Makkum hikke en tein is, graach bakt en itensiedt, hurdrint en lêst, foaral Fryske boeken .



As deputearre hat se in hartstikke moaie tiid hân, seit Sietske. As ûnderdiel fan in grutter gehiel (kolleezje fan Deputearre Steaten en Provinsjale Steaten) wie se ferantwurdlik foar it ta stân kommen fan ferskate grutte en lytsere projekten op ferskillende beliedsterreinen. Dat guon projekten, benammen op it mêd fan ynfastruktuer, by bewenners net altyd yn goede ierde falle, hat se ek ûnderfûn. Op ynformaasjegearkomsten waard soms fûl diskusjearre en lûgen de emoasjes wolris heech op, fertelt Sietske. As foarbyld neamt se de Sintrale As; de dûbelbaans autodyk fan Nyegea nei Dokkum. In projekt fan twahûndert miljoen euro. Om't de oanlis nochal wat gefolgen hie foar de omjouwing is ek útfiering jûn oan it ferbetterjen fan de natuer, it lânskip en de leefberheid yn it gebiet.

(ferfolch op side 3)

(ferfolch fan side 14)

'As je it Frysk echt in gelykwaardich plak jaan wolle, dan sette je de taal boppe-oan', sei Arjen Dijkstra fan de Fryske Beweging by it oanbieden fan de petysje oan Provinsjale Steaten 17 desimber foarich jier. De Steaten steane lykwols wol efter it plan om de teksten twatalich te meitsjen, mar dan mei it Nederlânsk boppe-oan. Neffens in ferkearspsycholooch is dat feiliger, om't it better oanslút by de ferkearsbuorden en it ferkearsbyld yn de rest fan Nederlân. Foar dat argumint binne de measte partijen yn Provinsjale Steaten net ûngefoelich. It doel is, dat provinsje en Ryk dit jier tegearre definityf ôfprate hoe't de twatalige buorden der út komme te sjen. As jo dit jier yn Fryslân komme, dan sjogge jo, nei't men oannimme mei, wêr 't it op útdraaid is.

(JB)



Friezen begripe it yn alle talen.

FERGEES TAGONG FOAR 2 MINSKEN OP FREED 27 MAART 2026

Dizze bon is foar minsken dy't foar it earst mei ús selskip yn 'e kunde komme en miskien wol lid wurde wolle.

(Dus **NET** foar famylje of goekunde út Fryslân of earne oars wei.)

Namme:

Adres :

Postkoade :

en wenplak :

Tillefoannûmer:

E-mail:

Is/binne op 27 maart 2026 **GAST** by it Frysk Selskip Swol.

Hy/sy hat/hawwe dizze bon krigen fan:

(ferfolch fan side 13)

Yn 1992 waard it rjocht om de gemeentenamme yn it Frysk fiere te meien fêstlein yn de oanpaste Gemeentewet en yn it yn 1996 troch Nederlân ratifisearre 'Europeeske Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden'. In wichtich skaaimerke hjirfan wie de ferfrysing fan de provinsjenamme ta Fryslân yn 1997. Lanlike ynstansjes en bedriuwen lykas de Postbank, de Gouden Gids en it CJIB (Centraal Justitiele Incassobureau) pasten harren registraasje yn de njoggentiger jierren oan. De PTT die dat, ûnder druk fan it Ryk, yn 2000. Yn 1999 feroare de NS de stasjonsnammen; bygelyks Grouw-Irnsum waard Grou-Jirnsum en Hardegarijp waard Hurdegaryp. Mar it net-Fryske NS-personeel ferpofte hiel lang de Fryske útspraak om te roppen. Soe men dy Hollanners net!

Yn 2008 waard yn de wet Basisregistratie Adressen en Gebouwen nochris fêstlein dat in wenplak mar ien namme ha kin. Twatalige nammen binne formeel net mooglik. Der moat in kar makke wurde tusken de Fryske of de Nederlânske plaknamme. Formeel hjit Earnewâld dêrom gjin Earnewoude en Heerenveen net It Hearrenfean. Yn 2014 waard de formele posysje fan it Frysk noch fersterke trochdat de 'Wet gebruik Friese taal' troch de Nederlânske oerheid oannommen waard. Dêrmei krige it Frysk syn offisjele status. Ien fan de útwurkingen dêrfan wie en is, dat gemeenten tenei regels en in beliedsplan opstelle moatte foar it brûken fan it Frysk. Dat soarget bytiden foar frijwat konsternaasje omdat lang net alle ynwenners it mei it gemeentlik belied iens binne.



Dat jildt ek foar it provinsjaal belied. Op 14 jannewaris 2025 makke de provinsje Fryslân bekend dat sy fan 2026 ôf begjinne mei it twatalich útfieren fan ferkearsbuorden. Dit nei oanlieding fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer. Dêrby giet it net om de buorden mei piktogrammen, want dy binne universeel. Dêr bestiet gjin Hollânske of Fryske fersy fan. It giet om de ûnderbuorden en byskriften. Bygelyks 'Fietspad' en 'Fytspaad'. No, dat kin elk noch wol begripe. It wurdt oars as it om in tekst giet as 'uitgezonderd' en 'útsein'. Dat lêste seit in Hollander neat. Itselde jildt foar 'ga terug', it ûnderboerd om net de ferkearde kant fan de sneldyk op te riden. Yn it Frysk wurdt dat 'gean werom'. 'Doorgaand verkeer' wurdt 'Trochgeand ferkear'. En gean sa mar troch. It joech frijwat argewaasje. Net sasear de Fryske tekst op himsels, mar it plak dêr't it komme moat; boppe of ûnder de Hollânske tekst. De Fryske Beweging joech Friezen de gelegenheid in petysje te tekenjen om it Frysk boppe it Hollânsk te setten.

(ferfolch op side 15)

(ferfolch fan side 2)

As boargemaster hat se in gruttere selsstannichheid en moat se, bygelyks yn it ramt fan iepenbiere oarder en feilichheid, as it knypt wolris alhiel op eigen manneboet in beslissing nimme. Dat in boargemaster it hoe, wat en wêrom't sa'n beslissing nommen is, letter yn't iepenbier útlizze moat, fynt Sietske in goede foarm fan demokrasy. Oars krije jo wantrouwen tsjin de oerheid, is har miening. Macht hat tsjinmacht nedich. Nei twa jier fielt Sietske har wol op har plak yn Olst-Wijhe. Der falle har dingen op, dêr't ynwenners fan de gemeente oan foarby rinne. Om't jo der mei oare eagen nei sjogge, ornearret Sietske.

Wat har ûnder oaren opfalt is it ferskil tusken de mienskippen Olst en Wijhe. Yn Olst wurdt Keningsdei amper fiert, wylst it yn Wijhe optilt fan 'e feestlikheden. Se fernuvert har der oer, dat der dan wol kloften 'Olsters' nei Wijhe komme. By Keningsdei heart ek de útrikking fan Keninklike Underskiedingen. Dat fynt se prachtich, sei't Sietske. Al fergeat se de earste kear in lintsje op te spjeldzjen. Wat fansels ta hilariteit late. Mei de yntocht fan Sinteklaas geane se yn Olst en Wijhe hiel ferskillend om. Fierders hat de gemeente wol oerienkomsten mei plakken yn Fryslân. Al is se der wol achter kaam, dat yn it Sallandske mear emoasjes dield wurde as yn Fryslân. As der wat trystens bart, geane Friezen dêr ornaris hoedener mei om dan de minsken yn Salland. Wat koppichheid oangiet, kinne se der yn Olst-Wijhe ek wol fan. Yn Fryslân kin de styfkoppichheid neffens Sietske justjes wol wat minder.

Mei dizze lêste konstatearring einigje ik de koarte werjefte fan it tige nijsgjirrige en ûnderhâldende relaas fan Sietske Poepjes, dat de oanwêzigen, dy't der mei sân pear earen nei harken, mei applaus wurdearje.

(JB)

GJIN ALVESTEDETOCHT

Foar it 29^{ste} jier op rige gjin alvestêdetocht. Dan mar in foto fan it alvestêdemonumint op de Kanterlânske brêge oer de Murk tusken Gytsjerk en Miedum op in moaie dei yn juny. It is de lêste brêge foar de finish op de Bonkefeart. Yn de folksmûle is it 'de tegeltsjebêge'.





De Feriening Freonen fan Omrop Fryslân (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop. It doel fan de feriening is it stribjen nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en telefyzje. De FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellingen en aktiviteiten. De FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd Each en Ear en/of in nijsbrief. Foar leden wurde ekskurzjes, lêzings, in jiergearkomste ensfh. organisearre. De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

Wolle jo ek FREON wurde fan Omrop Fryslân?

Stjoer in e-mail nei freonen@omropfryslan.nl

Of folje op webside www.omropfryslan.nl/freonen it formulier yn.



De Fryske Beweging.
sûnt 1945

De Fryske Beweging is de organisaasje foar minsken dy't wiis binne mei Fryslân en dy't har ynsette foar mear romte foar it Frysk en de Fryske kultuer.

De Fryske Beweging (DFB) is dwaande mei tal fan saken dy't fan belang achte wurde foar it fuortsterkjen fan de posysje fan it Frysk. DFB is mei-organisator fan de Fedde Schurerlêzing. Fierder rikt DFB ien kear yn 't jier de Fear yn 'e Broek út en wurde no en dan Plombrieven stjoerd nei persoanen of ynstânsjes dy't har op in bysûndere wize ynsette foar it Frysk.

Op Goeie.frl, de digitale nijsside fan de DFB, stiet, nijsgjirrich nijs oer alles wat mei Fryslân en de Fryske taal en kultuer te krijen hat. Under it biedwurd 'Foar de rykdom fan Fryslân'

Goeie.frl

TWATALICH

Eartiids hjitte Fryslân 'Friesland'. Dat koe elk útsprekke. Mar mei dy 'â' is it foar Hollanners wat lestich wurden. Sy hawwe muoite mei de goede klankkleur. Mar dêr sitte Friezen net mei. Fan ús wurdt ommers ferwachte, dat we ek ABN of Standaardnederlands (lykas it tsjintwurdich oantsjut wurdt) prate kinne. Net troch inoar helje mei Hooghaarlemerdijks, want dat is eins plat Amsterdams. Mar ik dwaal ôf. Werom nei it begjin.

Yn 'e tiid dat Fryslân Friesland wie, hiene alle gemeenten, stêden, doarpen en buorskippen Hollânske nammen. Iuwenlang wie allinne de Hollânske stavering fan de topografyske nammen tastien. Mar yn 'e folksmûle hiene we it oer Appelskea en Hjerbeam, oer Mitselwier en Aldemardum. It waard ús mei de brijleppel ynjûn. En wy fûnen it hiel gewoan. Wy fregen ús net ôf wêrom't der 'Leeuwarden' op 'e buorden stie as we nei Ljouwert giene.



Yn 1953 kaam der lykwols in feroaring op gong. Doe bepaalde it lânsregear, dat Fryske gemeenten it rjocht krigen om plak- en strjitnammen yn it Frysk fêst te stellen. Mar de Nederlânske foarm bleau wol de offisjele. It duorre oant 1979 doe't de Topografyske Tsjinst akkoart gie mei dûbeltalige Fryske plak- en strjitnammen op 'e kaarten. Mei de Fryske namme dan wol tusken heakjes. Twa jier letter (1981) wie Idaarderadeel de earste Fryske gemeente dy't alle topografyske nammen ientalich yn it Frysk fêststelde. Dat is 45 jier lyn.

By de gemeentlike weryndielingen yn 1984 krigen in tal nij foarme gemeenten de Fryske namme. Yn 1989 lieten de gemeenten Boarnsterhim en Tytsjerksteradiel de Frysktalige gemeentenamme fêstlizze en stelden alle topografyske nammen ientalich yn it Frysk fêst. Dêrta hie men wol oant de Ried fan Steat ta prosedearre, om't de lânlike PTT (tsjintwurdich TNT-post) him hjir net oan oanpasse woe en ferskate ûndernimmers bang wiene dat se net mear te finen wêze soene. De rjochter kaam der sels oan te pas. Dy besleat dat partikuliere ûndernimmings frij wiene om de Nederlânske namme brûken te bliuwen.




(ferfolch op side 14)

DE WRALD FAN IT FRYSCHE HYNDER

*As jo sa troch ús Fryslân geane, mei oeral sa 'n fertier.
Dan sjoqge jo him rûnom stean, ús hynder grutsk en fier.
Frysk hynder sa grut en swart, it is der't ik oan tinkje moat.
De fuotten heech, de holle fier, troch it lân sa frij en blier.*

Wa kin dizze lofsang fan Griet Wiersma op it Fryske hynder net?



Wa't mear (as dizze oade) fan it Fryske hynder witte wol, kin terjochte yn it Frysk Lânboumuseum yn Ljouwert (Goutum). Mei syn hûndertjierrich jubileum hat it museum in bysûndere tentoanstelling iepene: **'De Wrâld fan it Fryske Hynder'**.

In projekt dat mear as oardel jier lyn úteinsette mei it sammeljen en útwurkjen fan ideeën, ferhalen en bylden, en no útmûnet yn in folslein ynteraktyf ûnderfiningssintrum. Ferline jier, 2025, is de permaminte eksposysje iepene.

Besikers meitsje in reis lâns de skiednis en ûntwikkeling fan it Frysk hynder, mei ûnder oaren in tiidline dy't de hichte- en typeûntwikkeling fan it ras sjen lit, in film mei histoaryske én hjoeddeiske bylden, en in Wall of Fame mei ferneamde Fryske hynders. Ek is der in selfiebox, sadat elkenien in persoanlik oantinken oan it besyk meinimme kin.

Oan de hân fan boeiende ferhalen, yndrukwekkende bylden en ynteraktive belibbenissen komme de krêft, skjintme en yntelliginsje fan it Frysk hynder ta libben. In ynspirearjende en learsume ûnderfining foar hynsteleafhawwers én foar elkenien dy't him ferbûn fielt mei kultuer, skiednis en Frysk erfgoed. Belibje de swarte magy fan Fryslân yn it Frysk Lânboumuseum.

*Frysk Lânboumuseum
Felling 6, 8912 CG Ljouwert (Goutum)
www.landbouwmuseumfriesland.nl*

Minsken fan foarby

Op 28 desimber 2025 is ús lid **Bouwe Krist** ferstoarn, yn 'e âldens fan 89 jier. Bouwe en de frou (Maria Rooks dy't fjouwer jier lyn stoarn is) hawwe jierren lid fan ús selskip west. Se hawwe ek lid west fan it Frysk Sjongkoar Swol. Dêr binne se nei de Koroanatiid mei ophâlden, ek omdat se minder waarden. Tegearre mei dochter Anneke wie Bouwe 17 desimber noch by it krystmiel. Guon koarleden hawwe him doe sprutsen. 'Mijn heit en ik hebben gisteren genoten van het krystmiel en de gezelligheid er omheen. Hartelijk dank.', mailde Anneke de oare deis. Tsien dagen letter is Bouwe ynsliept.

FOLKSHEGESKOALLE OP SKYLGE

Yn it Hoarnske bosk op Skylge, deunby it Noardseeestrân en Wrâlderfguod it Waadseegebiet, stiet Folkshegeskoalle 'de Folks'. De akkommodaasje is boud op de fûneminten fan de Atlantic Wall. De bunkers út de Twadde Wrâldoarloch hawwe no in funksje as slipe seal of ytseal. Yn 1987 is 'de Brêge' (foto) der by boud, mei alve keamers en in

konferinsjeseal, frijsteand fan de besteande akkommodaasje. De offisjele iepening waard dien troch (doe) Keninginne Beatrix. 'De Folks' is al mear as 75 jier it plak dêr't minsken byinoar komme om harsels te ûntwikkeljen, inoar te moetsjen en stil te stean by wat echt telt. Neist in edukatyf programma, biedt de Folkshegeskoalle in perfekte akkommodaasje foar in skoalreiske, famylje- of bedriuwstapke of gewoan in noflikke fakânsje. Yn 2026 is der wer in grut ferskaat oan alderhande nijsgjirrige gearkomsten en kursussen: skilderje, byldhouwe, mandela tekenje, dûnsje, sjonge (bygelyks it **Kom en Sjong wykein**, dêr't ek leden fan it Frysk Sjongkoar Swol oan meidogge), skriuwe, Fryske taal, besinning, meditaasje, natoer(kuier)tochten, ensafuorthinne. Wa't mear witte wol oer alles wat er op 'de Folks' te rêden is, kin terjochte op webside www.defolks.nl



ensafuorthinne. Wa't mear witte wol oer alles wat er op 'de Folks' te rêden is, kin terjochte op webside



It bestjoer fan it Keninklik Frysk Boun om Utens nûget alle kritebestjoeren en krite-leden út foar:

- de jierlikse Algemiene Gearkomste (AG)
- en de Moetings- en Ynspiraasjemiddei (MYM)
- op sneon 28 maart 2026 by de krite 'Fier fan Hûs' fan Apeldoarn
- yn Doarpshûs Ugchelens Belang, Bogaardslaan 81 yn Ugchelen.

It programma fan dizze dei sjocht der sa út:

10:00 oere Ynrin mei kofje/tee en oranjekoeke
 10:30 oere Algemiene Gearkomste
 12:15 oere Lunsj (€ 16,50)

Moetings- en Ynspiraasjemiddei

13:00 oere Presintaasje troch Teade de Boer, frijwilliger fan Agrarisch
 Natuurfonds Fryslân
 14.45 oere Skoft
 15:00 oere Toanielselskip De Lytse Komeedzje út Drachten mei it
 toanielstik 'De Rollator Revolúsje' (yntree kritelid € 20.-- en
 € 22,50 foar in net-kritelid)
 17:30 oere Ein fan it programma
 18:00 oere Waarm en kâld buffet foar dejinge dy't wol (€ 25,50)

Foar drinken binne der muntsjes te keap foar € 3.-- it stik (kontant jild).

Alle bedragen binne foar eigen rekken.


Dit krantsje falt nei alle gedachten yn 'e wike fan 9 oant 14 maart yn 'e bus.

Om't opjefte op syn lêst 14 maart by it Boun ynstjinne wêze moatte (skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl), is de ynformaasje oer it programma en it opjefteformulier foar alle wissichheid al earder mei in nijsbrief tastjoerd. Dan hoecht nimmen dizze dei (of in part dêrfan) te missen.

FERBURGEN FRYSLAN

Willem Schoorstra is in Fryske muzikant, dichter en skriuwer. Yn it earstoan gie syn belangstelling út nei de muzyk, dêr't er ynspiraasje fan krige foar it skriuwen fan dichtwurk. Hy publisearret geregeld yn literêre tydskriften en op ynternet. Dat it Frysk him nei oan it hert leit, bewiist syn literêre wurk. Syn Frysk-wêzen, syn Fryske identiteit ûnderstreke Schoorstra yn 2012, troch foar de boargemaster oer yn it gemeentehûs te Dokkum de wetlike 'Ferklearring fan ôfstân' te dwaan fan de Nederlânske Nasjonaliteit foar de Fryske Nasjonaliteit.

Yn 'e rin fan 'e jierren hat Schoorstra hiel wat literêre prizen wûn. Yn 1998 wûn er de Ruurd Wiersma Poëzypriis foar it fers *Neffens it ynderlik bern*. In jier letter folge de Rely Jorritsmapriis foar it ferhaal *Trettjin dagen*. Yn 2005 wûn er mei *Swarte ingels* de Fedde Schurerpriis fan de provinsje Fryslân foar debutanten. Dit wurk ferskynde letter ek yn it Nederlânsk. Yn 2011 krige Schoorstra de Obe Postmapriis foar de Fryske oersetting fan de *Edda*. Underwilens wie yn 2007 *De ôfreakken* ferskynd, dêr't Schoorstra kontroversiële tema's lykas ynsest, homoseksualiteit en moslimproblematyk beskriuwt. Dat die er earder yn *Swarte ingels* ek. Yn 2011 folge de roman *Rêdbad – kronyk fan in kening*, oer it libbensferhaal fan de ier-midiuwske Fryske kening Rêdbad. En yn 2017 kaam *De Nacht fan Mare* út.



Isbn: 9789492457585
 Tal siden: 375 (ynbûn)
 Taal: Frysk/Ingelsk
 Utjouwer: Het Nieuwe Kanaal
 Priis: € 35.--

En no leit **Ferburgen Fryslân / Hidden Frisia** yn 'e boekwinkels. Fryslân hat allegear bysûndere, iuwenâlde saken te bieden, stille tsjûgen fan it minskebestean troch de millennia hinne. Meastentiids binne dy saken lyts en ûnopfallend, ferburgen hast, lykas tekens op muorren en kûmkes yn swerfstiennen op in hôf. Soms falle se mear op, lykas stinswieren en lykpaden. Alles wat yn *Ferburgen Fryslân* lykwols oan 'e oarder komt, fertelt in ferhaal, is in werjefte fan hoe't de minske him steande hold yn ûnwisse tiden. Myte, magy en religy spylje sadwaande in grutte rol yn dit boek. Se meitsje dúdlik hoe't dy – mar al te – minsklike kondysje oant de dei fan hjoed neigalmet. *Ferburgen Fryslân / Hidden Frisia* is in unike, twatalige útjefte dy't gâns eagen iepenje sil.

Boarne: afûk en wikipedia
 (JB)

It is maart: de foariersmoanne. De moanne fan it earste liipaai. Dêrom it refrein fan it nûmer *'As de ljip yn't lân is'* fan Romke Henstra (1950-2007), better bekend as Rommy, alias 'de stim fan 'e Wâlden'.



*As de ljip yn't lân is en striekes smyt,
Geane wy it fjild yn, faak ier betiid.
De aaien sykje fan it ljippestel.
Dêr yn de finne by de nêsten del.*

It Frysk Sjongkoar Swol sjongt al mear as tweintich jier mei in soad nocht en wille bekende en minder bekende Fryske lieten. Sa no en dan fersoarget it koar in optreden yn Swol of earne oars. Bygelyks op sneon 7 febrewaris by it 50-jierrich bestean fan it koar fan de Fryske krite yn Lelystêd, dêr't Jelma Wiegersma ek dirigint fan is. Tagelyk mei dat jubileum kaam der ek in ein oan it bestean fan dat koar. Der wiene te min leden oerbleaun. By dy gelegenheid hat it Frysk Sjongkoar Swol in tal lieten songen en in spesjaal ôfskiedsliet foar it koar fan Lelystêd.

Ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Neist it opsnuven fan in stikje kultuer of histoarje, sjongt it koar dan yn in fersoargingshûs. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Elk dy't sjonge wol, kin lid wurde. Men hoecht net lid te wêzen fan it Frysk Selskip Swol. Men hoecht de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As der mar yn it Frysk songen wurdt!

Freedtemoarns om 10.00 oere repeteart it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte). Elk dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.

Kenne jo immen, dy't graach sjonge mei, trúnje him/har dan oan om ris nei in repetyasje te gean. Dat jout fierders gjin ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op mei ien fan dizze minsken		
Douwe Boersma	foarsitter	0523 656802
Simon Galema	skriuwer	06 51562533
Jolanda Lootens	ponghâlder	06 47585240
Jelma Wiegersma	diriginte	06 19506520



WALSE MEI BENNIE EN TSEARD

Bennie Huisman is al mear as fjirtich jier aktyf as sjonger, dichter, ferteller en muzikant. Hy skriuwt en sjongt yn meardere talen en troch de jierren hinne kamen der gedichten, cd's, reisferhalen, biografieën en romans fan him út. Hy makke en spile meardere teaterfoarstellingen, mei ûnder oaren Tseard Nauta, Frederike Kleefstra, Corinne Staal en Douwe Kootstra. De syktocht nei it podium foar muzikaal-literêre foarstellingen rint as in reade tried troch syn wurk.

Foar ús selskip hat **Bennie Huisman** ek gauris in optreden fersoarge. Dizze iuw al sân kear. Hy is sa njonkelytsen in bekende ferskinning. It is al wer fjouwer jier lyn, dat er mei Age Veldboom (de man fan it skûtsjemuseum yn Earnewâld) in programma oer skippers en reedriders brocht. Dat wie yn de Weijenbelt. Trije jier earder brocht er yn Urbana it programma 'De lange reis nei Berlyn'. Elke kear fermakket er syn publyk mei syn lieten, ferhalen, poëzij en mei mear of minder teater.



Syn nije programma **'De Wals'** folget it libben fan in sjonger dy't weromsjocht op syn lange libben. In libben mei in stim, mei muzyk, mei taal, mei lieten en ferhalen. Wat is der oerbleaun fan syn dreamen, fan syn ferwachtings? Wat hat er eins bydroegen oan de lytse en de grutte wrâld om him hinne. Hie er net better wat 'nuttigers' dwaan kind as sjonge, dichtsje, muzyk meitsje en fertelle? No't al dizze persoanlike ekspresjes meikoarten mooglik troch keunstmjittige yntelliginsje oernommen wurde, no wol, no moat de sjonger noch ien kear syn ferhaal fertelle. Oer it libben mei falle en wer opstean, mei it paad kwytreitsje en weromfine. En mei fragen dêr't net altyd in antwurd op komt of fûn wurdt.



Bennie Huisman bringt dit programma mei **Tseard Nauta**, dy't al syn hiele libben aktyf is yn de muzyk. Hy bespilet in grut tal snaar-, toets- en blaasynstruminten en fûn syn plak yn it muzykteater as muzikant, komponist, arrangeur en dirigint. Hy wie ien fan de oprjochters fan de bekende klezmergroep Di Gojim, dêr't er in soad radio-, telefyzje en bûtenlanske optredens mei fersoarge. Yn 'De Wals' tekenet er ek foar it spul en de technyk.

Tegearre meitsje de mannen fan **'De Wals'** in fleurige en tige ûnderhâldende foarstelling.

Freed 27 maart 2026 om 14.00 oere (ynrin fan 13.30 oere ôf) yn 'De Weijenbelt'

Foar it skoft

As mem song

Berte fan 'e sjonger

Het lied van de wals

In wûndere wrâld is it wetter

'Klassike helden'

Dona nobis pacem

Nei it skoft

Tusken dream en die

Famke fan 'e Gaastmar


It liet fan de lekkende leafde

Dos Kelbl

Het lied van de Muur

It liet fan thús

Waterland



Bennie Huisman
ferhalen, sang & akkordeon



Tseard Nauta
piano, gitaar, fioele
spul & technyk

In nije meartalige foarstelling mei lieten, ferhalen, poëzij en teater

EN ... DER IS DIZZE MIDDEI IN FERLOTING MEI MOAIE PRIZEN !!!